



André & Alfred

De Oerfal

Us freon Terry hie himsels behoarlik yn de nêsten wurke. Dútske soldaten hiene him oppakt, omdat hy iten útdield hie. En dat mocht blykber net, want it Dútske leger wie gek op sokke regeltsjes. Sy woene oer fan alles bepale wat krekt wol en net mocht. Derom krigen bygelyks alle Nederlanners itensbonnen. At minsken dan iten ha woene, moasten se dy bonnen by de Dútsers ynleverje.

Dan koest dus nea even spontaan in gebakje helje, of in reep sûkelade. Mar net allinnich mei iten wiene de Dútsers strang, ek mei oare dingen. Minsken mochten net nei radio harkje, jûns moasten de ljochten út en om middernacht mocht net ien mear op strjitte wêze. En ast Joadsk wiest, dan mochtst al hielendal hast neat. Want oan de joadske minsken hie it Dútske leger in grutte hekel.

In soad minsken wiene it net iens mei wat de Dútsers diene, mar wiene te be-naud om der wat tsjin te dwaan. Mar sommige minsken betochten yn it geheim plannen om it Dútske leger tsjin te wurkjen. Dy minsken kamen yn ferset! It ferset die bygelyks dingen as de bannen fan Dútske auto's lek prikke, of treinspoaren oplaze. Of se holpen joadske minsken mei har te ferstopjen.

De Dútsers hiene der in hekel oan om bedondere te wurden, mar dat fûnen de fersetslju krekt spannend. Witst wat ik dwaan soe as ik by it ferset siet? Ik soe de learzens fan in Dútske soldaat folstopje mei kowestront. Om sa syn skjinne sokjes mei brune prut troch te weakjen. Dat sil de Dútsers leare, mei har gekke regels!

ANDRE'S FERHAAL





André & Alfred

De Oerfal




Wat heit en ik diene, wie ek in soarte fan ferset. Wy moasten ús maat Terry befrije út finzenis Blokhúspoarte. Tafallich wie dat krekt deselde finzenis as dy't yn de Twadde Wrâldoarloch troch it ferset oerfallen is. Ik haw dêr in film oer sjoen. It wie sa fantastysk spannend.

Op 8 desimber 1944, om kertier foar seizen krekt, stiene manlju ferklaaid as plysjes mei trije manlju dy't diene as wiene se finzenen, foar de doar fan de finzenis yn Ljouwert. Se bellen oan. De doar waard iepen dien en se rûnen mei har fiven nei binnen. En doe ynienen, hellen se bliksemfluch pistoalen ûnder de klean wei en hâlden de echte bewakers ûnder skot. 'Hannen omheech!'. Se diene de doar iepen om de oare fersetsminskten binnen te litten. En bûten stie ek noch in groepke manlju mei gewearren op de wacht, mochten de Dútsers komme. Mei ferfalske kaaïen iepenen se de doarren fan de sellen. Yn totaal befrijden se fyftich minskten. En pas doe 't elkenien allang fuort wie, kamen de Dútsers derachter.

Dit is ien fan de bekendste fersetsferhalen. In befeilige finzenis fan de Dútsers feroverje, dat dogge je fansels net samar. Dêrom hiene de fersetsminskten hiel lang neitocht oer it perfekte plan. Alles oan it plan moast presys goed gean. Elke sekonde telde. En as der ek mar ien flaterke makke waard, koe alles mis rinne. Ast dan pakt waardst, dan koest rekkenje op de deastraf. Dêrom fyn ik it ek sa bysûnder dat se it oandoarden. Want se setten har eigen libbens op it spul, om dat fan oaren te rêden.

Us heit en ik hiene hielendal net sa'n goed úttocht plan. Wy woene Terry gewoan befrije. Mar spannend wie it wol.

André





André & Alfred

De Oerfal

1

Leuk om te dwaan!

Fraach

Us misje om Terry te befrijen gie hast mis. Wêrom wie dat?



3



Omrop Fryslân





André & Alfred

De Oerfal

ALFREDS ÛNDERSYK

Ik haw it ôfrûne wykein op reis west troch Fryslân. Dat die ik om te ûndersykjen watst hjir no eins noch oan spoaren fine kinst fan de Twadde Wrâldoarloch. Ik begûn myn ûndersyk op it eilân Skylge. Dêr steane in hiel soad âlde bunkers. De Dútsers hawwe dêr wol sa'n 500 boud.

De bunkers op Skylge wiene bedoeld as ferdigening tsjin ynfallen fan de Ingelsken en Amerikanen. Foaral tsjin har gefjochtsfleantugen, dy't nei Dútslân fleinen om dêr de boel plat te bombardearjen. Mar net allinnich op Skylge. De Dútsers bouden ek in hiele rits oan bunkers, dy't hielendal fan Frankryk, lâns België, Nederlân, Denenmarken, oant it puntsje fan Noarwegen rûnen.

Om't der gjin bom trochhinne komme mocht, moasten de bunkers hiel sterk wêze. De muorren en plafonds wiene soms wol in pear meter dik. Mar lang net alle bunkers dy't ea boud binne op Skylge, kinst ek fine. Sommige binne ûnder it sân bedobbe. Dus asto in ûndergrûnske bunker fine wolst: pak in skeppe en gean nei Skylge!

Fan Skylge ôf bin ik nei de Ofslútdyk reizge. Doe't Nederlân yn 1940 troch Dútslân oanfallen waard, koene de Dútske soldaten sa troch Fryslân hinne rinne. Der wiene hjir hast gjin soldaten of bunkers. It Nederlânske leger woe benammen de grutte stêden beskermje. Utsein by de Ofslútdyk: dêr stie in hiele partij bunkers fan it Nederlânske leger. Dy bunkers hjitte de Kazematten. En it Dútske leger koe dêr mar net trochhinne komme. Sa hurd as se it ek besochten, it slagge se mar net. De soldaten dy't dêr sieten, tochten dat se de Dútsers ferslaan koene. Mar dat wie net wier. Yn de rest fan Nederlân hiene de Dútsers it Nederlânske leger foar in grut part ferslein.



Alfred



Omrop Fryslân





André & Alfred

De Oerfal

De bunkers wiene wol machtich grut! En oan de kûgelgatten yn de muorren wie te sjen dat der hurd fochten is. De Dútsers hawwe ferskate oanfallen dien mei fleantugen en soldaten, mar se slaggen der mar net yn de Kazematten te feroverjen.

Nei't de Dútsers wûn hiene, giene in soad minsken ûnderdûken. In soad minsken wiene benaud foar de Dútsers. Joaden bygelyks. De measte joaden waarden troch de Dútsers oppakt en yn in kamp finzen set. As je dat net woene, moasten je soargje dat je in ferstopplak hiene.

Fryslân wie eins hiel geskikt om dy te ferstopjen foar de Dútsers. It is hjir útstrekt en der binne in soad pleatsen dy't net ticht by in doarp of stêd stean. En as je it ferlykje mei oare gebieten yn Nederlân, wiene hjir mar in bytsje Dútske soldaten. Sa'n 3000 joaden hawwe ûnderdûkt yn Fryslân. Se ferstoppen har op souders, yn greiden, yn stâlen fan pleatsen en op geheime plakjes yn huzen.

Fierder op myn reis, kaam ik yn in bosk yn de buert fan Appelskea. Dêr fûn ik in ûnderdûkershol. Yn de grûn hiene se in soarte fan houten romte makke dêr't minsken har ferstopje koene. Nuver om foar te stellen dat minsken dêr echt in skoftke libbe hawwe.

De oarloch is eins noch hiel tichtby: Je kinne der noch in soad spoaren fan fine. As ik sa rûnreis, kin ik my bytiden presys ynbyldzje hoe't it wie. De spanning, de soldaten, it fertriet fan minsken. Is de oarloch dan wol echt skiednis, as it noch sa tichtby is? Dat freegje ik my wolris ôf

ALFRED



Alfred





André & Alfred

De Oerfal

OPDRACHT

Wat soest hjir yn Fryslân, útsein bunkers, noch mear fine kinne oan spoaren út de Twadde Wrâldoarloch? Tekenje dat.

2

Alfr

